

# Equal Souls bliuwt oerein yn televyzjedrokte Liet

**De band Equal Souls mei yn novimber meidwaan oan it ynternasjonale sjongfestival foar minderheidstalen. Sjongeres Janneke Brakels en har muzikanten hiene neffens de sjuery it bêste optreden yn de Liet-finale. De drokte fan de televyzjeregistraasje wie foar guon oaren krekt wat tefolle fan it goede.**

Troch Jacob Haagsma

**LJOUWERT** – Der sit in moaie trochgeande line yn de earste priis foar Equal Souls op Liet. Dizze groep, rûn sjongeres en komponiste Janneke Brakels, wûn sneontejûn it Fryske ‘songfestival’ mei it ferske ‘Do swalkest’. Brakels, in Friezinne om utens fan Rotterdam, naam in jiermannich lyn de publykspriis fan Liet mei nei hûs, doe as lid fan de groep Ree. Equal Souls sil no nei Liet International, op 27 novimber yn it Bretonske Lorient.

De publykspriis hjit no Ivan Pel Publykspriis, mei rjocht ferneamd nei de produsint fan it festival dy’t in jier lyn hommels ferstoar. Syn widdo Carla mocht dy priis oerhandigje oan Louiza Saitova, in Tsjetsjeenske fan Wâldsein. Presintator Robbie van Wieren wie hast op it yndoktrinearjende ôf entûsjast oer dit liet, dat Saltova dan ek fol fjoer en mei gefoel foar har eigen muzikale tradysje song.

Oer de presintaasje fan Van Wieren en Froukje Sytsma fierder gjin kwead wurd, ek al wie harren Frysk net altiten like geef. Mar dat kin men fan beskate teksten ek wol sizze. Minder noflik wie de prominente oanwêzigens fan Omrop Fryslân, ek al falt te begripen dat de organisaasje it wichtich fynt om op de tillefyzje knap foar it ljocht te kommen.

Dat de kamera rjocht foar de earste rige (dêr’t de sjuery ek siet) hinne en wer ried: toe mar. Dat twa ferskes noch foar it skoft op ‘e nij moasten om’t



Equal Souls mei sjongeres Janneke Brakels.

Foto Hoge Noorden/Jacob van Essen

se der net goed op stiene: no ja. Al wie it wol apart en ynkonsekvent dat de sjueryleden de seal út moasten om’t se dy lieten net nochris hearre mochten (se wiene ek al by de ‘trochrin’ de middeis) en it publyk sitten bliuwe mocht. Dat moast ommers ek noch gear oer de Ivan Pel Publykspriis.

Mar de Omrop stelde himsels fiersten te sintraal toch in pear sjongers rûchwei te ûnderbrekken as der wat net goed siet mei de opname, it lûd of it ljocht. De bassist fan Rob du Jardin wie sels sa dom om de kontrabas net oan te sluten, mar it publyk en de artysten hiene dêr eins amper erch yn en nei dizze ‘false start’ kaam de boel net mear goed op gong.

Dat wie ek it gefal by Carla

de Wal, soliste efter de piano, dy’t noch ûnder har yntro út har konsintraasje helle waard omdat immen syn saken net foarinoar hie. Ek hja koe dêrnei har draai net rjocht mear fine.

Sokke fiten binne te tolerearen as it om in opname giet spesifyk foar de Omrop, yn de eigen studio, mei broadsjes, sop en konsumpsjebonnen foar it publyk. Dat is Liet net, teminsten, sa stie it net op de kaartsjes. Liet spilet him ôf tusken de artysten, de sjuery en it kaartsjekeapijende publyk (330 persoanen oanfold mei in lange gastelist). De Omrop kin de boel registrearje, bêst, neat op tsjin. En it moat der kreas opstean fansels. Mar se moatte de gong fan saken net sa rûch en ûnfatsoenlik fersteure, fyn’k.

Eardere Liet-edysjes ha wol-

ris mear reden ta ferfeling jûn as diskears. It ferskaat wie grut en der sieten genôch geve ferskes by. Lykas ‘Gean’, it allerearste skriuwsel fan de suskes Nynke en Wiljo (Sybrandy), dy’t trochstreamden nei’t se ferline jier it jongereinsjongfestival Sjong wûnen. NNB die oan rûge punkrock en Ramsk, dat men lykas NNB earder yn it ‘rockhok’ fan Aai-pop ferwachtet, kaam mei in liet oer hûn Bijke dat einliks oer de iensumens fan de hjoeddeiske minsk giet.

Sokke ynstream út oare hoeken as it ‘harksankjessirkwy’ is goed foar it ferskaat. Al wie it spitich dat der dit jier suver nimmen wie fan de Ljouwerter Academie voor Popcultuur dy’t ferline jier winner It Langstme En De Dea levere (Janneke Brakels docht de

‘pop academy’ fan it Rotterdam Conservatorium, dochts net itselde). Lútspiler Martin Pals spile ea hardcore yn M.O.G. mar makket no, yn The Oak And The Ash, in tiidleas soarte folk. Van Geeft ‘m sjongt yn it Amelanner dialekt en Caroline Hunneman brûkt it Stellingwerfs foar har oade oan Janis Joplin.

Ek nei’t syn bassist it snoer goed dien hie wie Switser Rob du Jardin (op fioele ek dwaande by Caroline Hunneman), mei syn Franz Krienbühl-eftige útstrieling, in typysk gefal mei syn fleurige ‘novelty’-ferske ‘It Fryske gea’. Mei in protte nocht song er rigen prachtwurden efterinoar: „Peinjekrûd, podderusk, paueachpylkesturt”. Allinne al om datsoarte klanken moat it Frysk bliuwe. En toe dan mar. Liet ek.